

In ûngrypber bestean

In ûngrypber bestean

Rients Aise Faber

de wei is it doel
(Laozi)

Omslachûntwerp: Rients Faber
Korreksjehelp: Dineke de Vos
ISBN: 9789464356977
©rientsaisefaber 2021

In âlde reis

Doe't er by de ynsjebaly syn koffer ôfjoech, hie er frjemd opsjoen. Der stie net lykas oars in lange rige minsken dy't ynsjekke woe. Eelke begriep der neat fan. De balymeiwurker seach sa stúmsk dat er dy fierder mar neat frege. It like der net op dat de man in praatsje mei him meitsje woe.

Hy gong nei de dûane en ek dêr wie it opmerklik rêstich. Hy liet syn paspoart sjen en de dûanier wiuwde him ta dat er wol fierder rinne mocht. Yn 'e wachtromte by de slurf die wer bliken dat er oant no ta de iennichste passazjier wie. It fleantúch fan Garuda Indonesia soe pas oer in oere opstige. Hy joech him del op de foarste rige stuoltsjes en lei syn rêchpûde op it stuoltsje njonken him. Hy hie fan 'e moarn fanút Fryslân al in hiele reis hân.

Yn syn rêchpûde skarrele Eelke in broadsje en in blikje iiskofje op. Hy haffele it broadsje op en naam sa út en troch in slok kâlde kofje. It wie frjemd dat der hielendal gjin oar folk foar dizze lange fleanreis wie.

Minsken hearden der altiten rom fan te foaren te wêzen. De juffrou fan de ynsjebaly hie net tsjin him sein dat de flecht 'cancele' wie. Se hie him sels in goeie flecht tawinske.

It wie de earste kear dat Eelke sa'n lange fleanreis allinnich makke. Alle oare kearen hie syn frou der by west. Mar dy ferrekte pandemy hie harren libben raar ferskuord.

Beide hiene se, ek al hiene se dan tige hoeden west, it firus skipe doe't der in nije besmettingsweach troch it lân gong. By Marije wie it ferkeard útpakt. Foar har gevoelige longen wie it in machteleaze striid wurden. Dat krekt harren dat oerkomd wie.

Twa jier lyn wiene se wat earder mei it wurk stoppe. Om't se beide in goeie baan hiene en sa boppedat tegearre bêst in reedlik ynkommen, koene se har pensjoen wol in pear jier nei foaren helje. Dêr kaam noch by dat se gjin bern hiene.

Se hiene tsjin elkoar sein, wolle we noch wat fan it libben meitsje, we binne no noch sûn, dan moatte we dat net langer útstelle. Foardat men it wit, is men âld en krebintich en wurde jins mooglikheden beheind.

Mar alles wie nei in pear jier hiel oars beteard. Hjir siet er, allinnich, sûnder syn Marije, dêr't er alles mei dielde. It gefoel fan liddigens dat him opnij oerfoel, waard hjir fersterke troch de lege wachtromte. Miskien hie er better mar net op reis gean kinnen. Mar thús wie it him nei ferrin fan tiid ek oanflein. It hie west as libbe er allinnich noch mar yn in 'memory space' mei Marije. Nei ferrin fan tiid hiene syn freonen sein, do kwynst sa hielendal wei Eelke, dat hie Marije sa net wollen. As 't ferstannich biste dan makkest in reis dy't jim tegearre altiten mei sa folle nocht makken, in fakânsje dêrsto goeie oantinkens oan hast. Boppedat komst dan fan dyn stee. Dy oare wrâld dêre sil dy grif helpe om 'e tried fan it libben better op te pakken. Miskien krijt Marije har eardere entûsjasme in nij plak yn dy.

Om't er de man net nei wie om him fuort yn in reisselskip te stoarten, hie er betocht, hy soe de reis mar allinnich meitsje. Yn sa'n selskip joech it omgean mei allerhande minsken gauris allegear komplikaasjes. Guon hiene sa har

eigen gebrûksoanwizing, Dan waard men yn in rjochting treaun dy't men no krekt net socht.

Troch al syn prakkesaasjes wie de wachttiid hurder foarby gongen as er yn 'e gaten hie. Ynienen waard omroppen 'all passengers, time for boarding.' Frjemd dat 'alle,' hy wie ommers de iennichste passazjier, like it. Hy seach nochris ferheard om him hinne. Eelke pakte syn rêchpûde en rûn nei de man by de fleantúchslurf en joech him syn 'boarding pass' foar de kontrôle. Op syn fraach wêrom't er de iennichste passazjier wie, bleau de man it antwurd skuldich. Unferskillich helle dy syn skouders op.

De oare kearen hie it yn 'e slurf in hiel gerattel west troch de lytse tsjiltsjekoffers dy't in soad passazjiers foar harren hânbagaazje brûkten. No hearde Eelke inkeld it lûd fan syn eigen fuotstappen dat troch it lege gongpaad wjerkeatste. Hy frege him ôf hoe't it aansen yn it fleantúch wêze soe. It wie in ûnwerklike wrâld dêr't er yn telâne kommen wie.

De stewardess by de yngong fan it fleantúch lake him al ta. Ek oan har frege er oft hy de iennichste passazjier yn it fleantúch wie. No krige er lokkich wol beskie.

'No sir, you are not the only passenger, but you won't see the other guests. They all travel in the first class part of the plane.' Eelke wist dat sokke passazjiers mei foarrang talitten waarden yn it fleantúch.

Lykwols bleau it frjemd dat der fierder gjin minsken foar de economy class wiene. Ek yn 'e business class, dêr't er troch hinne rinne moast, wie it mar in deade boel. Oars siet alles grôtfol.

'Because you are the only passenger for the economy class we offer you a place in the business class. So we can improve your joy of the flight,' bea de stewardess oan dy't

efter him oan kommen wie. Dat oanbod stie Eelke wol oan. De flecht soe dan hiel wat geryfliker wurde.

De stewardess naam him wer mei troch it gerdyn nei de business class en sei, 'you are free to choose your own seat.'

Eelke betanke it attinte frouminske hertlik en keas ynearsten foar in plakje by it finster. Mei helder waar wie it altiten in hiele sensaasje om sa heech oer de wrâld te fleanen. Men seach dan guon tiden mearke-eftige wolkenformaasje dy't de gedaante hiene fan poallânskippen mei iismarren.

Hy siet noch mar amper of in skok gong troch syn stoel. It fleantúch waard loskeppele fan 'e slurf en hy seach hoe't se rêstich nei de startbaan lavearren. Troch de omropynstallaasje klonk in stim 'please, fasten your seatbelts!'

Sa'n hastige start hie Eelke noch nea earder meimakke. It like wol oft se op him wachte hiene as lêste passazjier en dat se no besochten om de ferlerne tiid yn te heljen. Mar hy hie wol in oere yn 'e wachtromte sitten. Wierskynlik wie yn die tiid it earste klas reizigersfolk oan board kommen.

Doe't se op 'e startbaan oankamen, sette it fleantúch de gong der bêst yn. Hy waard de stoel yn treaun en kaam mei stoel en al wat nei efteren te hingjen. Mei in soad kabaal kaam it swiere tastel los fan 'e grûn, wjukkele wat en fûn syn lykwicht werom. Gau ferlear de wrâld ûnder him syn fertroude formaat en alles waard lytser en lytser.

Hy trof it dat it sok knap waar wie, it sicht wie helder. Hy fielde oan 'e druk yn syn earen dat se al heger en heger kamen. Troch te slikjen koe er dy druk kear op kear wer even weinimme.

Eelke fernuvere him oer himsels hoe er it sa maklik akseptearre om yn in lege romte te sitten op wei nei in

bestimming oan 'e oare kant fan 'e wrâld. Mei Marije hie er altiten yn ôfladen fleantugen sitten en as it min trof ek noch mei gûlende bern en snoarkjende sliepers of lju dy't harren mei drank fol getten en dêrnei de snaffel net mear ticht hâlde koene. Nee, it fielde no wol noflik dat er hjir op dizze wize reizge. Nei't ferstjerren fan Marije hie hy der mar raar oan wenne moatten dat er thús allinnich siet. Hy wie folle mear begûn te prakkesearjen. Se hiene as in iepen boek foar elkoar west. It hie sa gewoan foar him west dat se inoar by alle sinnige en minder sinnige optinksels kommentaar joegen. Hoe oars no. As er wat sei, wie der gjin respons.

Syn aard wie wol sa dat er úteinlik yn 'e situaasje berêste koe. Hy hie al gau yn 'e rekken dat er mei selsbegrutsjen net fier kaam. De iennichste dy't begrutsjen fertsjinne dat wie Marije. Wat hie it oars wêze kinnen, se sieten tegearre noch sa fol plannen. Fol ferwachtings hie harren as bliere bern de nije frijheid talake. Eins wie it grutte libben foar har beiden noch mar krekt útein set doe't Marije sa ûngrypber weiskuord waard út it bestean. Se hiene safolle útstelde plannen hân. It wie machteleas begrutsjen wat Eelke fielde.

Fan achter it skiedingsgerdyn kaam in oare stewardess op him ta. Sa lake freonlik nei him en sei: 'Doe't ús gasten yn 'e earste klasse hearden dat jo ynearsten de iennichste oare passazjier oan board wiene, kaam it idee by har op dat se foar immen yn sa'n posysje it libben wat nofliker meitsje woene. It is net mooglik foar harren om even by jo del te kommen foar in persoanlik petear. Dêrom wolle se jo graach in drankje en in hapke oanbiede. Jo meie bestelle wat jo wolle en wat jo lekker taliket, de priis docht der net ta. Om't ik der fan útgongen bin dat sa'n oanbod jo wol oanstean soe, haw ik fuort de menukaart foar jo meinommen. Jo sille der

fêst wol wat fan jo gading tusken fine. Eins is dizze kaart allinnich ornearre foar de earste klasse. As jo begjinne mei in drankje dan kin ik dat alfêst foar jo ophelje. Underwilens besjogge jo wat de kaart fierder te bieden hat.

Eelke fielde him wat oerfallen troch dit ûnferwachte oanbod, hy moast it even yn him besinke litte. Al wer sa'n frjemdichheid. Mar ja, it koe gjin kwea, hy wie gau út 'e rie.

'Wat attinte lju binne dat. Wolle jo trochjaan dat ik harren oanbod tige wurdearje, it ferbrekt de reis moai. In glês reade wyn soe my wol oanstean, leafst mei in fruitige smaak.'

De jonge frou knikte him freonlik ta en gong op 'en paad om de wyn foar him te heljen. Dêrnei beseach Eelke de kaart en konkludearre dat er de kâns krige hapkes te bestellen dy't er ûnder gewoane omstannichheden net sa gau nimme soe. Mar no't de gelegenheid him sa ûnbehindere foardie, woe hy syn woldwaners net misledigje. Hy keas in arranzjemint mei in rike fariaasje oan boarrelhapkes. Lykwols moast er wol soargje wat romte yn it liif te hâlden, ommers der siet standert in waarm miel by it fleanticket ynbegrepen.

Doe't de stewardess werom kaam mei it glês wyn frege se him oft er al besletten hie wat it wurde soe. Hy joech har oan dat it plato mei de ferrassingshapkes him skoan talake. De sjarmante frou reagearre ynstimmend mei in knypeach en sei dat er in goeie kar makke hie.

It duorre net lang of Eelke koe te set oer in samling toastkes mei in ryk ferskaat oan belis. It feest koe begjinne. Guon hapkes kamen him bekend foar út films, lykas in toastke mei kaviaar, mar fan oaren hie er net de flauste noasje wat it wêze koe. Om it paad nei de mage frij te meitsjen naam er earst in bêste swolch wyn. Dat wie goed spul en it wie hast sûnde dat er der sa rimpen mei te wurk

gie. Mar hy hie no wol genôch faasje krigen om him te stoarten yn in avontuer mei in toastke fan ûnbekende makkelij. De smaak wie nij foar him, mar evensagoed in sensaasje foar de tonge.

Underweis

Op sa'n hichte fan 10 kilometer krige de flecht fan Eelke in alluere dêr't er hielendal net op rekkene hie. Troch al dat bysûndere iten en drinken wie syn betizing troch it frjemde begjin fan de reis wat weisakke.

Syn beskermingel kaam geregeldwei del om te sjen oft se it de iensume reizger wat nei de sin meitsje koe. Dochs wie Eelke âld en wiis genôch om him net tefolle meifiere te litten yn 'e ferlokkingen dy't sy syn mage te bieden hie. Hy hie ommers dosint west, gniisgobbe er by himsels, en dy lju binne it dosearjen wend.

Doe't er in pear slokken wyn op hie, bleau hy it glês al tyspeljend yn 'e hân omdraaien as in seismograaf dy't ferslach die fan wat der him ôfspûke yn syn skimerwrâld. Foaral no't er wat âlder wie en de lêst fan syn wurk achter him lei, seach er gauris mei fernuvering werom. Der wiene saken dy't eartiids it libben dreech makke hiene. No ferwiet er himsels, hie ik it allegear mar wat mear gewurde litten, hie ik my der mar minder drok oer makke. Fansels, achterôf is it altiten maklik praten. It is hiel oars as men der midden yn sit. En dêr komt by, it sit no ienris yn 'e aard fan in minske hoe't er reagearret.

De bytiden kollektive stompsinnichheid fan 'e minsken hie him geregeld in soad argewaasje jûn. Hiene de lju dan

neat leard fan de twadde wrâldoarloch, hie it Hitler-Dútslân dan net in goeie learskoalle west om net samar kritykleas achter allerhande roppers en razers oan te rinnen.

De learlingen bybringe om sels kritysk nei te tinken, sadat men net alles samar foar wier hâldt, hie altyd in wichtich doel yn syn lessen west. Mar krekt dy hâlding kaam yn diskredyt mei't men it middelber en heger beropsûnderwiis oeral helle. Ynienen soene dosinten minder goed witte wat it bêste foar harren learlingen wie. De grutskalige organisaasjes dy't troch al de fusys ûntstiene, betsjutten dat de rol fan de dosint dêryn feroare. Se krigen njonken en boppen harren mei lju te meitsjen dy't gjin kontakt mear hiene mei de realiteit fan 'e learlingen. Neffens de moderne liedslju krigen se no in saneamde profesjonele organisaasje wêryn't it nije ûnderwiis soarge foar in hegere kwaliteit. It die bliken dat it yn 'e praktyk pretinsjes wiene dy't nea ôfrekkene waarden op harren primêre effekten. It iene wylde idee wie noch net op gong kommen of it waard al wer bysteld mei in saneamd ferbetteringstrajekt. Foar de dosinten, mar mear noch foar de learlingen, waard it ûnderwiis, in taasten yn it tsjuster. Hielendal fan syn stoel wie Eelke fallen doe't er de fraachpetearen mei de pers lies. De nije liedslju, dy't oars neat diene as gaos kreëarje, neamden harsels betûfte krisismanagers. It allerslimste fan dat alles wie dat de learlingen yn wêzen it slachtoffer waarden. It ryksbudzjet dat bedoeld wie foar harren, om harren wat by te bringen, waard stap foar stap ôfrjemme. Yn it âlde systeem hiene se rjocht op 29 lessoeren yn 'e wike. Lykwols in tal jierren letter waard de helte fan dat jild al foar oare saken brûkt. En as hichtepunt fan dy fertoaning feroare harren wrâld yn ien ûngrypbere kakofony fol maskearjende abstrakte wurden.

Wat der yn it ûnderwiis barde, hie Eelke nea foar mooglik holden. Hy wist net better as de minsken dy't dêr wurken lju mei in heechwaardige oplieding wiene, mei in nofter en kritysk ferstân. En oars wie der de ynspeksje wol om sokke blyngongers út 'e loft te heljen. Mar de oerheid hie it ûnderwiis oan lytse baaskes oerdroegen dy't binnen de koarste kearen op de aperots tsjin elkoar op sieten te bieden.

Úteinlik hie Eelke yn 'e rekken hân dat it nei-oarlochske foarútgongstinken gjin garânsje ynhold om ûnproduktive feroarings te foarkommen. Nei ferrin fan jierren wie de nije ûnderwiiskonstellaasje in fanselssprekkendheid wurden foar de nije generaasje en kraaide der gjin hoanne mear nei hoe't it spul ferrinnewearre wie. It wie sa gongen lykas yn totalitêre rezjyms. It âlde waard ôfbrutsen en rekke út byld. Dêrnei wist men op in stuit net better mear as it hearde sa te wêzen. Deeglik ûnderwiis wie weifage.

Eelke hie dit soad tinzen al sa faak hân. Hy tocht wêrom doch ik dat dochs? Folle fierder kom ik net mei dy prakke-saasjes. It binne konstatearrings dy't ta myn persoanlik libbensferline hearre. It is folle better dat ik my rjochtsje op 'e goeie kanten fan it libben sa't dy my sa út en troch tafalle. In lúks plak yn in fleantúch mei in goed glês wyn en treflike toastkes.

Eins wie it allegear mar in aparte wrâld wurden de lêste jierren. Krekt doe't hy en Marije tochten harren libben sels yn alle frijheid yn rjochtsje te kinnen, hy Eelke syn grutste maat ferlern. Samar yn in pear dagen tiid foel er hielendal op himsels werom. Doe pas besefte er hoe't Marije en hy yn 'e rin fan 'e jierren nei elkoar tagroeid wiene en in hecht stel foarmen. Yn harren houlik hie der in positive wikselwurking west. Der wie ienriedigens en gefoelswaarmte. By elkoar

fûne se stipe en werkenning. Unberettens dêr hiene se inoar foar hoedzje kinnen. Se foarmen, soe men tsjintwurdich sizze, in stel mei in goeie teamgeast.

Hoe oars koe dat yn oare houliken wêze. Lju dy't oars net diene as inoar ôfbrekke en emosjoneel leechsûge. Wat dat oanbelange hie it libben it bêste mei him foar hân. Spitich dat er dit no pas sa helder besepte. It hie sa'n fanselssprekkende wrâld west altiten. Mar hy begriep dat er Marije tekoart dwaan soe as er tefolle yn selsmeilijen weisakje soe. It foarrjocht fan it libben dat hy noch wol hie, mocht er net fergrieme. Har hâlden en dragen siet sa djip yn him dat er altiten noch har reaksjes yn him fielde.

'Elke, do moast it libben wer oppakke. Do hast der neat oan datsto weikwynst, tink oan 'e kearen datsto mei my op reis wieste en hoe't we ús tegearre lokkich fielden yn de nije oarden dy't we besochten.'

Eelke skille op út syn dreamen doe't de stewardess him frege oft se noch wat foar him helje koe. Dêrnei sakke hy troch it eale focht fan it nije glês yn in noflike rûs. De skerpe kantsjes ferdwûnen út syn prakkesaasjes.

Dochs bleau it ûnderwiis wat yn syn holle omdoarmjen. It hie gewoan in absurdistysk toanielstik west dêr't er yn belâne wie. As er der oer neitocht hiene in soad kollega's harren kryptikleas yn dat ferfrjemdzjende spul meifiere litten. Us heech ûntwikkele beskaving bliek úteinlik mar in kwetsber bouwurk te wêzen. Hy hie pleite foar in bettere evaluaasjes fan de fernijings en hy hie der geregeld op wiist dat de leardoelstellings fierstente abstrakt formulearre wiene foar de learlingen. Dy krityske hâlding waard him troch de prosideologen net yn tank ôfnommen.

In kollega dy't wat goochemer wie, hie Eelke wierskynlik krekt op tiid warskôge dat er him sels it measte te pakken hie as er sa trochgje. Hy hie in skoftsje oer dy opmerking neikôge, mar moast him úteinlik gelyk jaan.

'Eelke jonge, dat bataljon fan de geitesokken mei harren djoere wurden hawwe no de macht. Se hawwe de romte krigen fan 'e oerheid. Dyn opmerkings sille neat úthelje. De iennichste waanst dêr mei te pakken haste, dat biste sels. It is allegear teäter, mei ús yn 'e rol fan sawol spiler as taskôger. Ast oerlibje wolst, moast it gewoan besjen as in kabaretfoarstelling, dan kinst der sa út en troch ek noch om laitsje. Kinst better soargje datst net opfalst, want tink om myn wurden, de lju dy't harren der aansen foar ynsette om de nije ideeën ta konkrete útfier te bringen, litte se as bakstiennen falle as bliken docht dat harren eigen opset net wurket. Dan binne dy reewillige kollega's saneamd net kompetint genôch. Eelke, wy kinne ús enerzjy better brûke om ús learlingen safolle mooglik sûnder kleanskuorren troch dit fantasialân te helpen.'

As er it ferlike, hoe oars wie dan it ûnderwiis op it eilân fan syn toeristyske bestimming. It wie ienfâldich en mei beheinde middels, mar wol deeglik.

Ferdoary, dêr siet er mei syn prakkesaasjes wer by it ûnderwiis. As der eat wie dat er achter him litte moast, dan wie it dat wol. ûnderwilens wie er te set oer in nij glês wyn en dat help om it oplôge fjoer fan syn eardere argewaasjes te dôvjen. Marije kaam wer foar syn geast en hy tocht hoe't se gauris sein hie dat er him net sa drok meitsje moast om al dy feroarings. Mar ja, sy hie by it gewoane fuortset ûnderwiis sitten en dêr wie de boel net sa ferskriklik oeral helle. Oan 'e oare kant hie Eelke troch al dat gedoch leard dat in minske